

[0412] Nei oanlieding fan Long Lonkin

Under de neilitten papieren fan de âld-Grouster learde dr. Joast Hiddes Halbertsma sit in nijsgjirrich him tastjûrd ingelsk hânskrift (Prov. Bibleteek hs. nr. B.H. 120), dêr't er sels, safier't wy nou bisjen kinne, nea oer skreaun hat, mar dat him om mear as ien reden grif djûr west hawwe moat, omt it paste alhiel yn it ramt fan syn wide bilangstelling foar tael- en folkskunde:

Long Lonkin a Ballad

- | | |
|-----------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------|--------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------|
| [1] <i>The Lord said to his Ladie
As he mounted his horse
Beware of Long Lonkin
Who lies in the Moss</i> | [8] <i>Where are the Maids of the
Says the Lonkin (Hall
They are at the well washing
Says Orange to him</i> |
| [2] <i>The Lord said to his Ladie
As he rode away
Beware of Long Lonkin
Who lies in the Clay</i> | [9] <i>Where are the Ladies of the
Says the Lonkin (Hall
They are up in their chamber
Says Orange to him</i> |
| [3] <i>What care I for Lonkin
Or any of his gang
My doors are all fast
And my windows *pinned in</i> | [10] <i>How shall we get them down
Says the Lonkin
Prick the Babe in the cradle
Says Orange to him</i> |
| [4] <i>There were six little windows
And they were all shut
But one little window
And that was forgot</i> | [11] <i>Rock well my cradle
And <u>Be Ba</u> my son
You shall have a new gown
When the Lord he comes home</i> |
| [5] -----

<i>And at that little window
Long Lonkin crept in</i> | [12] <i>Still she did prick it
And <u>be ba</u> she cried
Come <u>down</u> dearest mistress
And still your own child</i> |
| [6] <i>Where's the Lord of the Hall
Says the Lonkin
He's gone up to London
Says Orange to him</i> | [13] <i>O still my child Orange
still him with a bell
I cant still him Ladie
Till you come down yoursel</i> |
| [7] <i>Where are the Men of the Hall
Says the Lonkin
They are at the fields plough-
Says Orange to him (ing</i> | [14] <i>Hold the gold bason
For your heart's blood to
----- (run in
-----</i> |
| [15] <i>I hold the gold bason
It grieves me full sore
O kill me dear Lonkin
And let my Mother go</i> | |

*I have used the word pinned as in olden times windows were fastened with a pin a silver one sometimes So say the old ballads

This Ballad is a genuine Northumbrian one taken from the recitation of an old woman living in the village of Ovington within two miles of the locality of this sad tragedy it has been sung & handed down from generation to generation and though there is a tradition similar in Scotland I consider this a rude but exceedingly characteristic picture of our mosstrooping times the ruins of the house are situated on the edge of a deep glen and a pool below bears the name of the gigantic Robber it is said to contain vast treasure I have often when a child visited the spot and you may un[derstand] it had many charms for me A young friend begged me to give it to him that he might publish it And he clumsily engrafted it on to the Scotch Ballad of Lamkin I send you his version but I consider my original garbled and spoiled if you consider it worthy your notice tell me your opinion. We can visit the pleasant spot when you come to England as the scenery is really beautiful at least I think so My dear Father was born in the village of Ovington and as a happy child I spent much pleasant time there but I getting tedious Farewell my dear friend

Oft 'my dear friend' it doarp Ovington¹ yn Northumberlân yndied mei eigen eagen sjoen hat, bliuwt yn earste opslach noch in fraech. Sagau't biwiisd wurde kin, dat er dit hânskrift tastjûrd krige krekt ear't er foar 't earst yn syn libben nei Ingelân drige en Newcastle as reisdoel hie, dan soe it foar de hân lizze. Dat barde yn 1843; hy wie der doe in hoannestap ôf, en soe der de gelegenheit ta hawn hawwe, omt er doe wol yn it fierder op 'e route lizzende Hexham west hat². Neijere bistudearring fan it materiael kin hjir faeks noch ris útslútsel oer jaen, lyk as ek oer de frage hwa't de skriuwer en tastjûrder fan it hânskrift west hat (immen mei in heit út Ovington¹, dy't him ek de Ballade-fersy fan in jonge freon takomme liet), in persoan dy't oan 'e iene kant seit 'taken from the recitation of an old woman' en oan de oare kant tekst-bislypjend towurkgiet to sjen oan de noat 'I have used the word pinned', en dy't it feit dat de jonge freon *Lonkin* by *Lamkin* ûnderbrocht, to'n ûnrjochte 'clumsy' neamt).

Niget oan folksballaden en it útjaen derfan hat nammers syn eigen tipelsinnige skiednis hawn. Wylst Bishop Thomas Percy, John Pinkerton en Sir Walter Scott de teksten út 'e folksmûle optekene allinne hwat neffens eigen literaire smaek opgnist publisearje doarsten, bigounen sa rûchwei om 'e ieu-wiksel hinne mannen as Joseph Ritson en William Motherwell, folge fan gâns oaren, dy mounlinge oerleveringen sûnder franje út to jaen. De Romantyk hie dêr ûnderwilens syn wurk ta dien: it primityf natuerlike hie yn it oanbigjin fan 'e 19de ieu hwat langer hwat mear syn eigen aparte weardefolle tsjoen krigen.

Lamkin³ (alias Lammikin, Lankin, Lanekin, Linkin, Belinkin, Balcanqual, Lambert Linkin, Lammerlinkin, Rankin, Long Lonkin) is ús yn sa'n 26 fersy's oerlevere, mar it forhael komt yn mear of mindere folsleinens rounom op it selde del: de ûnbisnoeide wraek fan in mitselder/stienhouwer op 'e eigner fan in troch him boud kastiel, dy't him fuort net bitelje kin, of oars sein

*It's Lamkin was a mason good
as ever built wi stane;
He built Lord Wearie's castle,
but payment got he nane.* (fersy A1 by Child)

Hy deadet bern en wiif fan 'e kastielhear, as dy fan hûs is, troch mei help fan 'e bernefaem (hjr Orange⁴ neamd) it bern oan 't skriemen to bringen en sa de mem út in boppeseale wei nei ûnderen ta to troaijen. Us fersy bliuwt yn de dûbelde moard stykjen: de ritueel oandwaende 'gold bason' (foar it opheinen fan it eale bloed fan 'e mem en as sadanich in swym fan in tsjuster ballade-motyf⁵) wurdt klearholden, en it forhael wurdt smoard yn de skreau fan it jonkje⁶ dat gûlend freget om syn memme libben to sparjen.

It forhael wurdt fierder foaral yn Skotlân op gâns plakken lokalisearre. De foarlizzende fersy is in bounich fragmint fan in yn oare fersys wolris hwat útweakke gehiel. De ein is hjir sterk; it forrin spronggewize filmysk.

Ut frysk taelkundich eachpunt is dizze tekst noch fan bilang fanwegen it yn strofe 11 en 12 foarkommende *Be ba* en *be ba*, ekwivalint fan it fryske *piip-ba!* It wurdt hjir yn strofe 11 as verbum brûkt: '*Be ba* my son' (boartsje piip-ba mei 't jonkje). Collinson hat it oer: 'the child's game of *bo-peep* with *peep-bo!* Whereas German has *Kuckuck-ba!* (cf. French *coucou!*) and Dutch has *Kiekeboe!* the West-Frisian form is *piip-ba!*'.⁷ Folle mear as in ieu earder hie Halbertsma hjir lykwols ek al oer op 'e tekst west en dat gâns wiidweidiger⁸. Nei oanlieding fan *Kijcke-bo* (Gysbert Japicx' 'Friesche Tjerne') skriuwt er: 'Als men zijn hoofd met een doek dekt, en een kind den doek laat aftrekken; of omgekeerd, als men een kind een doek over het hoofd doet en dien zelf laat aftrekken, dan roept men bij het ontdekken van het hoofd aan het kind toe, *kycke-bo!* Te voren was dit woord zoo wel in Friesland als in Holland; thans heeft Holland het alleen overgehouden. In plaats van *kycke-bo* gebruiken de Friezen alleen *piep-ba!* Als men op de gezegde wijze besluijerd beurtlings zich terugtrekt en het ontdekte hoofd weder voor den dag steekt, roept men *piep-ba!* Shakespear heeft hetzelfde woord, maar omgekeerd, namelijk *bopeep*, door de Engelsche uitleggers beschreven als "a game of nurses with children, consisting in drawing near and retiring, crying, *Cuckoo! viz. See, see! Look, look!*" Het woord *piep* is bij geen Germaanschen stam, dan alleen den Frieschen en Engelschen overgebleven.../ *Bo*, en *ba*, zijn uitroepen bij Eng. en Friezen, om kleine kinderen quasi bang te maken, maar die verkort zijn uit *bowe* en *bawe*, een zwarte rouwkap, die het gansche gelaat bedekt. *Bo peep*, *piep ba* en *Kycke-bo* beteekenen dus eigenlijk, *Mom* (spook), *kijk uit!*'. Hie Halbertsma, doe't er dit opskreau, *Long Lonkin* mei 'nurse' en 'child' al ûnder eagen hawn? Wy wurde it net wiis, en sadwaende oer de datearring fan it hânskrift ek net in grevel wizer.

N o a t e n:

1. Ovington leit fuort by Ovingham, healwei tusken Newcastle en Hexham yn.
2. *De Vrije Fries*, X, 66.
3. By Child nûmer 93.
4. Orange, in namme dy't fanwegen misforstean opfette wurde moat as in forhaspeling fan de 'nourice' (nurse) fan oare fersys.
5. It motyf, dat it bloed fan 'e formoarde net op 'e groun falle mei, wurdt bare ûngelikens útlein: L.C. Wimberly (*Folklore in the English and Scottish Ballads*, 1928) wol ha dat it opheinen fan it bloed to meitsjen hat mei it tinkbyld dat it bloed de wjitring fan 'e siele is; G.H. Gerould (*The Ballad of Tradition*, 1932) is fan bitinken, dat it bloed in heimige krêft taskreaun waerd, en mei gâns fortuten troch de moardner biwarre wurde koe; jfr. A. Gilchrist (*The Journal of the Folk-Dance and -Song Society*, I, 1-17) sjocht der in byleauwe yn dat eal of ûnskuldich bloed net op 'e groun falle mocht.
6. Tatebern dy't as folwoeksenen prate, binne yn balladen op syn minst like oangripend as de ek faek foarkommende pratende of sjongende objekten (yn guon fersys binne it âldere susters fan it jonkje dy't freegje om de mem to sparjen).
7. W.E. Collinson, *Some English and Frisian Equations*, yn *Fryske Stúdzjes oanbean oan Prof. Dr. J. H. Brouwer*, 1960, s. 6.
8. J.H. Halbertsma, *Letterkundige Naoogst*, 1840, 176-177.

B Y L A G E

Long Lonkin a Ballad
The Lord said to his Ladies
As he mounted his horse
Please of Long Lonkin
Who lies in the Moss

Facsimile fan it begjin fan Long Lonkin